



It Selskip

De skiednis fan it Selskip giet tebek oant 1844. De haadreden foar it oprjochtsjen is lein yn it opkommen en útkommen **foar de eigen taal**.

It Selskip hat ta doel it fuortsterkjen fan de Fryske taal en it Frysk eigene yn al syn uteringen.

It Selskip oerkoepelt yn Fryslân de Kritten fan Easterwâlde, Hearrenfean, Drachten en Trynwâlden, mei-elkoar in 750 kriteleden.

It bestjoer wurdt foarme troch ôffurdigers fan oansletten Kritten.

Belied, aktiviteiten en projekten fan it Selskip en de oansletten Kritten.

Yntern wurdt yn it Selskip in protte tiid stutsen yn binning en belangenbehertiging: ynformaasje en diskusje op de Algemiene Gearkomsten oer belied, elts jier is de rûnte “op besite by de Krite”, der wurdt foar soarge dat de Kritten elkoars nije winterprogramma’s krije.

Provinsjaal projekt: foarlêze yn it Frysk oan pjutten

Nei bûten ta profilearret it Selskip har doelstelling *Tael en Skiftekennisse* troch it organisearjen, yn ‘e mande mei de Tomke-wurkgroep, fan **de Fryske Foarlêswike**.

It Provinsjaal projekt lêze en foarlêze oan pjutten wurdt gemeentlik oppakt mei help fan sa’n 50 kontaktpersoanen. Troch in 500 foarlêzers en in 550 gastâlders wurdt foarlêzen oan in 12.500 pjutten. Jierliks wurde troch dit projekt in 18.000 Tomke-boekjes te plak brocht.

De Kritten

Jierliks organisearje de Kritten in grut tal aktiviteiten, de measte dêrfan fine plak yn it winterskoft.

It winterprogramma fan de Kritten omfiemet in breed skala oan aktiviteiten:

literêre jûnen, boekbesprekkings sawol mei de skriuwers sels as ek lêzings oer skiednis, buorkerijen, plak- en eigen nammen, skûtsjes, belsliden en sa mear;

kofjemoarnen mei klassike muzyk, in troubadoer, folksmuzyk, toanieljûnen, kabaret en ekskursjes. Fansels is der romte foar ferdivedaasje.

Fierders binne by Kritten aktiviteiten sa as dûnsploech, koar en toanielspyljen.

Nijs fan it Selskip kinne jo fine op de hiemside fan it FBoU, it Frysk Boun om Utens:

www.fryskbutenfryslan.fr!

It Selskip is oansluten by de Ried fan de Fryske Beweging en IFAT, It Frysk Amateur Toaniel, de lânlike organisaasje foar Frysktalich amateurtoaniel.

Kontaktadres fan it Selskip:

Skriuwer Kees Kuipers

Willem Loadewykstrjitte 115, 8933 BL Ljouwert,

Tillefoan 058 – 2125383 E-post: k.kuipers1938@kpnmail.nl